

Zingen: Ik ben vandaag zo somber,
zo somber, zo somber
Ik ben behoorlijk somber
zo somber was ik nooit.

Ik was wel vaker somber,
heel somber, heel somber
Maar zo behoorlijk somber,
was ik tot nog toe nooit.

Vandaag ben ik dus somber,
zo somber, zo somber
Ik ben behoorlijk somber,
zo somber was ik nooit.

TH. It wie oktober 1973, toen Freerk Hofma by us kaam, om us ut 'e penary te helpen.
We wiene oan it studearjen foar it hjerstconcours, wat we yn dy tiid nog hiene

Janny De dirigent dy't we doe hiene, foldie net sa en op in jûn barste de bom.
En doe sieten wy dus sûnder. It bestjoer krige it doe drok, want it wie
koart dei.

Th. Mar se fûnen ien en die woe ús wol helpe tot foarby it concours; dan soenen
we wol wer sjen.

Janny We hellen doe op it concours in twadde priis, neffens ús de ienige kear dat
we in twadde priis helle ha, mar wat wol jo ek yn fjirtjen dagen tiid.

Th. It foldie wol. Sa is hy hingjen bleaun.

Zingen: Ja dat was mooi, mooi, mooi man.
Wat viel dat Sjong de Heare mee.
Mooi, mooi, mooi man.
Met deze dirigent waren wij wel heel tevree.

Klaske Sa ha wy yn 'e rin fan 'e tiid ferskeidene concoursen mei Hofma meimakke.
En dêrfoar hat er wat bantsjes fol praat, songen en spile. Neffens ús is hy
der mei begûn doe't wy "De Twa Bruorren" leare moasten, want dat wie wol sa'n
beroerd stikje.

Djoke Mar die bantsjes, dat fûn er sels in hiel goed idee, dat skeelde him letter op 'e
repetysje in hiel stik wurk.

Klaske Wat ha wy wat by him leard yn die 23 jier. Yn it begjin wie it mei in nij stikje
rigel foar rigel, mar stadichoan moast it hurder. Sa learden wy soms yn ien jûn
in hiel stik.

Zingen: Jouns as it hast nei achten rint
gean we nei it doarpshûs (2x)
Jouns as it hast 8 ûre is.
't Is ús fêste jûn, ja dat is wis.

Refrein: Sjongend begjin wy dan.
Blier skettert ús gesang.
't Klinkt yn 'e stille jûn,
't galmet net altyd sûn.
Hieltid wer op 'e nij,
soms is it in gekraai.

Wy ha de toan dochs fûn.
Tiisdyejûn.

Hofma dy stiet al foar ús klear.
Swaait dan mei de hantsjes (2x)
Prate dat is der net mear by
yn'e pauze krij we dêrfoar frij.

Refrein:

Ja, sa betinkt er altyd wat.
Soms set hy ús troch elkoar (2x)
Ek moatte wy wol twa by twa.
Dan trilje ús de fuotsjes ûnder 't gat.

Refrein.

Bote Wat die hantsjes betreft: Yn it dirigearjen is er in kei, mar foar de rest moat je der net fan prate. Bv. Autoboan ferwikselje. Wat in gelok dat der dan handige koarliden binne. En moat je in kear by him thús wêze mei in boadskipke, dan kin it wêze dat je nog in nusje lampen ophingje moatte.

Klaske Dat doch je dan graag fansels, mar it betsjut wol dat er net sa handig is.

Djoke It dirigearjen hat him dizze 23 jier hiel wat switdruppen koste. Ek syn prûkje hier hat der fan te lijen hân. It is frij wat griis wurden en ek behoorlik úttinne. Mar dat fynt er hielendal net slim, want dat stjit o sa sexy, seit er.

Zingen: Maar hij blijft toch steeds heel bescheiden.
Terwijl hij toch al heel wat is.
Zo stoer, zo charmant en zo aardig.
Dat zie je in één ogenblik.
Hij denkt als hij kijkt in de spiegel:
daar staat een geweldige vent.
Maar hij blijft toch steeds heel bescheiden
voor een kerel met zoveel talent.

Bote Mar no alle gekheid op in stokje. We ha yn die 23 jier hiel wat mei elkoar belibbe. Moaie en minder moaie dingen. Bern binne der geboren en leden binne ús untfallen troch de dea.

Th. Dat jo no stopje moatte mei ús koar, dat spyt ús o sa, want "Sjong de Heare" en Hofma, dat is ien. Ek reitsje wy in sopraan kwyd, dy't in hiele steun wie foar ús koar.

Janny Ek al sjogge wy elkoar aanstens net alle wiken mear; wy winskje jimme alle goeds ta, en Gods seine op jim fierdere libbenspaad

Ende.
periode.
Hofma.
23 jier
Dirigentb.

Slotlied:

1 't Hiele libben is as it eb en vloed.
Sa is libbensrin en wy hâlde moed.
Alles komt, alles giet, en no is it safier.
Nei_treientweintig jier.

Refrein: Mar oan alles komt in ein.
Ofskie nimme is net fijn.
't Is wer troch ús fingers flein.
Hiel dit sjongfestein.

2 't Libben is net altyd fol sinneskyn.
Soms lavearje, soms ekris foar de wyn.
Faak is lok en fertriet mei elkoander ferboun.
Yn treientweintig jier.

Refrein: Mar oan alles komt in ein.
Ofskie nimme is net fijn.
't Is wer troch ús fingers flein.
Hiel dit sjongfestein

3 Mar wat wie dit hjoed wer in fijne dei.
En wy hoopje dat jim_nog lang sjonge mei.
Wol it net lukke, tink dan nog mar in kear,
wer oan Sjong De Hear.

Refrein: Mar oan alles komt in ein.
Ofskie nimme is net fijn.
't Is wer troch ús fingers flein.
Hiel dit sjongfestein

Xige. Tank soar. al die Syne
Sjongjumen.

Klaske. Heerniga. Holsen.